

Hûndert jier psalmberiming fan Anders Minnes Wybenga

Op 7 novimber is it 100 jier lyn dat de psalmberiming fan Anders Minnes Wybenga presintearre wurde. Dat barde op 7 novimber 1923 yn de de Harmony fan Ljouwert.

Anders Minnes Wybenga waard yn 1881 berne yn Nijewier. Hy wie gernier en it Frysk en de Fryske taal wakker tagedien. As grifformearde jongfeint sil hy hiel fertroud west ha mei de psalmen. Dy waarden yn dy tiid yn de tsjerke yn it Hollânsk (fansels) en yn de beriming út 1773 songen.

It sil sa om 1910 hinne west ha dat Wybenga útein sette mei de psalmen yn it Frysk te berymjjen. Hy die dat neffens de beriming út 1773. Foar immen fan ienfâldige komôf wie dat in prestaasje fan komsa. Want soe hy de legere skoalle wol hielendal ôfmakke hawwe? Ien fan syn pakesizzers dy't der nei frege waard hie dêr syn twivels oer.

Anders Minnes Wybenga stoar op 9 septimber 1948 en hy waard te hôf brocht yn Wetsens.

In soad omtinken sil der yn Fryslan net wêze foar dit jubileum. Mar de YKFE, de Yntertsjerklike Kommisje foar it Frysk yn de Earetsjinst, hat ien fan de psalmen yn de beriming fan Anders Minnes opnaam yn it programma fan harren sjongmiddei op 8 oktober yn de Martintsjerke fan Boalsert. Dat binne 3 kûpletten fan de bekende psalm 42 mei yn it lêste kûplet de rigels: *Hoe, myn siel, sa fel ferbûke, / Djip ûnrêstich, slim ferslein; / Lit dy net fan 't leed belûke, / Want Gods goedens nimt gjin ein!* De sjongmiddei yn Boalsert op 8 oktober begjint om 15.30 oere.

